

Foarwurd

Wurdumers hawwe de namme tuorkefretters te wêzen. Sels it doarpskrantsje draacht dy namme: de Tuorkefretter. De oarsprong leit yn it ferline doe't de tsjerke fan Wurdum noch twa tuorren hie. Ien oan de westside (dat is it gewoane plak) mar ek ien oan de súdside. Yn 1688 wie de dowestiennen toer oan de westside sa boufallich wurden dat dy ferkocht waard oan de semintyndustry fan Makkum. Dêr koenen de dowestiennen (tuf-steen) goed foar brûkt wurde. Sûnt dy tiid drage de Wurdumers de namme 'tuorkefretters'.

Yn 2012 wie ik tsien jier as dûmny ferbûn oan dy tsjerklike gemeente en dat doarp fan tuorkefretters. Dat joech my in moaie oanlieding om by myn ôfskied te preekjen oer it ferhaal fan dy ferneamde toer út 'e bibel: de toer fan Babel (Genesis 11: 1-9). Want ek mei dy toer rûn it net goed ôf.

De toer fan Babel

Faak wurdt it ferhaal fan de 'spraakbetizing (spraakverwarring) fan Babel' útlein op in wat algemiene wize. It sintrale wurd dat wichtich is by de ynterpretaasje is dan 'grutskens of heechmoed'. De minsk wol heger en heger komme, en besykje mei in spits oant yn 'e himel God nei de kroan te stekken. Dy heechmoed moat beheind wurde en God straft mei it betizen fan de iene taal dy't sprutsen waard. Troch it ferskaat oan talen koenen de minsken elkoar net mear ferstean, kaam it bouprojekt stil te lizzen en rekken de minsken oer de hiele ierde ferstruid.

Ek al is sa'n ynterpretaasje net hielendal ferkeard, dochs bliuwe wy mei in pear aaklige fragen sitten. Is it minsklike stribjen nei heger, mear en better dan altyd ferkeard? En slimmer noch, is it ferskaat oan talen it gefolch fan in godlike straf dêr't wy moai mei oanklaut sitte? Sokke fragen binne it gefolch fan in té iensidige ynterpretaasje fan dizze tekst.

Om in goed lykwicht yn ynterpretaasje te hâlden is it dêrom wichtich om neist de kategory 'heechmoed' dy fan de 'eangst' te pleatsen. Dy kategory komt boppedriuwen by in mear kontekstuele ynterpretaasje fan it toer-fan-Babel-ferhaal. Dan fersteane wy dizze tekst as ûntstien yn de tiid fan de babyloanyske ballingskip én ûnstien as reaksje fan it nei Babel deportearre Joadske folk op har ûnderdrukking. Foaral út it bibelboek Daniël wurdt dúdlik dat kening Nebûkadnessar (yn Babel!) gjin inkele tsjinspraak ferneare. Hy liet in grut gouden byld meitsje dêr't eltsenien letterlik foar troch de knibbels moast. Dat byld wie as in soarte fan ideologyske toer, in toer fan twongen ienheid, in toer fan (ideologyske) ûnderdrukking.

Dy heechmoed moat dêrom net al te algemien ferstien wurde. It is de heechmoed fan de machtigen, yn dit gefal fan Nebûkadnessar. It wie ek de babyloanyske eangst om ferstruid te reitsjen oer de hiele ierde (11:4), om de ienheid en de macht kwyt te reitsjen. Sy oerskreauden harren eangst om de macht kwyt te reitsjen troch in toer oant yn 'e himel te bouwen. It giet oer de heechmoed om oaren te oerhearskjen én de eangst om dy macht kwyt te reitsjen.

Dêrom komt God del om te sjen wat der bart yn Babel. Hoe grappich. De babyloaniërs dogge der alles oan om heech te bouwen en oant yn 'e himel te kommen, wylst God delkomt.

God sjocht dat der gjin ein komt oan de ûnderdrukking en ûnfrijheid. Der komt gjin ein oan de twang ta ienheid en gelykheid.

Yn it ferhaal oer de toer fan Babel komt God mei in kreative en effektive ‘straf’: de ienheidstaal wurdt ferbrutsen, der komt in ferskaat oan talen, de minsken reitsje ferstruid. Jawis, foar de machthawwers is it in straf. Sy reitsje de macht kwyt. Se hâlde op de stêd en de toer te bouwen (11:8). Se hawwe gjin greep mear op it ûnderdrukte en útrûpele folk. De minsken wurde oer de hiele ierde ferstruid om har eigen (kulturele) wegen te gean. Op dy wize is de yngreep fan God net sasear in straf mar earder in seine sûnder ein. De twang ta ienheid wurdt troch God beândere mei in ferskaat oan talen. It betsjut dat minsken har eigen religieuze en kulturele frijheid hawwe moatte en net ûnder it jok trochgeane moatte fan hokker grutter dominante (ideologyske) toer dan ek!

Tuorkefretters

No begryp ik ek pas goed wêrom’t ik my sa thús field ha by de tuorkefretters fan Wurdum. It is in godlike taak om tuorren del te heljen! Eltse dominante ‘toer’ moat mei erchtinken benadere wurde. Jezus’ wurden en dieden litte in skerpe ôfwizing sjen fan alle foarmen fan oerhearsking en machtsmisbrûk. Mar ferjit der ferhalen út it earste Testamint en de brieven fan Paulus net! De preken yn dizze bondel sille dêr hooplik tsjûge fan wêze. Dat der yn tsjerke gjin plak foar oerhearsking is, net wat taal en kultuer oanbelanget, net wat sekse en seksualiteit oanbelanget, net wat ras en folk oanbelanget, net wat rangen en stannen oanbelanget!

De preken yn dizze bondel binne yn de lêste tsien jier ûntstien. Meastentiids binne se opskreaun nei’t de preek hâlden wie. Somtiden omdat guon der om fregen en oars omdat ik it sels de muoite wurdich fûn om se út te wurkjen. De earste 7 preken hawwe in ferskaat oan téma’s. De 4 preken dêrnei geane alle fjouwer oer Paulus syn brieven. Mei Paulus ha ik it jierren swier hân, mar sa langsumer hân bin ik in echte ‘fan’ fan Paulus wurden. Hy hat rjocht op de namme ‘tuorkefretter’. De lêste 3 ‘preken’ binne yn it Hollânsk. Yn Wurdum ha ik my frij en linich bewege kind as it gie om taal. Ik wist soms op sneintemoarn foar de tsjinst noch net oft ik yn it Frysk of Hollânsk preekje soe. Der bestiet gjin Hollânsktalige toer mear yn de tsjerke fan Wurdum! Yn dizze bondel fine jo dat werom. Dêrom dat it Hollânsk likegoed in plak fertsjinnet. Twa fan dy trije ‘preken’ binne eins artikels makke nei oanlieding fan in searje preken.

Ta beslút wol ik de Protestantske Gemeente fan Wurdum (en omkriten) fan herte betankje foar de ‘kwaliteit fan harkjen’. Preekjen liket iensidich mar dat wie it foar my beslist net. It wie in freugde om hjir te preekjen as in tuorkefretter!

ds. Hinne Wagenaar
(gersmoanne 2012)

Ynhâld

Foarwurd

1. Nim my sa't ik bin
2. Trochbrek de stilte
3. Gebed om rêst
4. Eigenwiis of mei-inoar sterk?
5. As ik dy net waskje mei
6. Stoarn foar ús sûnden
7. De fruchten fan 'e parrebeam

8. Joad of antysemyt?
9. Seksist of feminist?
10. Homohaat of manneleafde?
11. Skerp sliper of frijheidsstrider?

12. De Genesis van Jezus Christus
13. Kracht voor onderweg
14. Ontroostbaar, cynisch en schuldig

Tekst efterside fan it boek

Foto: Jonas, Sietske, Jornt, Hinne en Leon Wagenaar-Visser

ds. Hinne Wagenaar (Nijemardum, 1962) hat studearre yn Grins en New York. Hy wie dûmny foar bûtenlânske studinten yn Nederlân (1990-1997), dosint systematyske teology yn Kumba (Kameroen, 1998-2002), dosint missiology yn Grins (2002-2005) en dûmny fan de Protestantske Gemeente te Wurdum en omkriten (2002-2012). Sûnt 2012 is hy as pionier-predikant ferbûn oan it pioniersplak Nijkleaster en de gemeente Westerwert te Jorwert.

De ynwenners fan Wurdum drage de namme fan 'Tuorkefretters'. Dat komt omdat se ien fan de tuorren fan harren tsjerke ea ferkocht hawwe. Yn dizze bondel fine jo 14 preken fan ds. Hinne Wagenaar dy't ûntstien binne yn dy mienskip fan tuorkefretters. Mei de titel wurdt knypeage nei it ferline. De preken geane lykwols oer aktuele tema's: oer hoe't tuorren fan hjoed de dei delhelle wurde. Want yn tsjerke is der gjin plak foar oerhearsking, net wat taal en kultuer oanbelanget, net wat sekse en seksualiteit oanbelanget, net wat ras en folk oanbelanget, net wat rangen en stannen oanbelanget!